

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Sijbe Knol GrienLinks, Elsa van der Hoek SP, Peter van Noort Samuel van Swol PvdD, Menno Brouwer PvdA, Anne Zijlstra CDA, Maaïke Prins
--

Moasje nr.	04
Paraaf	
Wurklistpunt	06
Beslút	

## MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	21 april 2021
Wurklistpunt	06.
Koarte titel fan de moasje	Sosjale hier werom
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op 21 april 2021, heard hawwende de rieplachting;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• it kolleezje fan Deputearre Steaten op oanstean fan de Steaten al in skoft lobby fiert rjochting it Ryk om de ferhierdersheffing ôf te skaffen;</li><li>• sa'n 30% fan de Fryske wenningen yn besit fan de wenningkorporaasjes is en dy troch de ferhierdersheffing al jierrenlang 40 miljoen euro per jier minder hawwe om te ynvestearjen;</li></ul> <p>oerwaagjend dat</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• in soad wenningkorporaasjes har weromlûke út de lytsere kearnen en gjin nije hierwenningen mear op de doarpen bouwe;</li><li>• sûnder de ôfdracht fan de ferhierdersheffing deorporaasjes mear jild oerhâlde om yn nije of ferbettere hierwenningen te ynvestearjen;</li><li>• dat dêrmei de lange wachtlisten foar in hierwenning lytser makke wurde kinne;</li><li>• in grut part fan de Fryske befolking him thúsfielt yn de eigen, lokale mienskip;</li><li>• it tekoart oan hierwenningen yn de doarpen derfoar soarget dat minsken twongen binne om nei de gruttere plakken te ferhúzjen;</li><li>• dat soks te koste giet fan de leefberens fan it Fryske plattelân;</li></ul>	
<p>werhellet de oprop út 2019 oan it Ryk</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• om de ferhierdersheffing ôf te skaffen, en wize derop dat hast alle gruttere partijen yn de Twadde Keamer yn har ferkiezingsprogramma pleite hawwe foar ôfskaffing of ferleging;</li></ul> <p>sprekke as harren miening út</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• it winsklik is dat de Fryske oerheden, wenningkorporaasjes, projektûntwikkelders en makelders mei-inoar tawurkje nei in evenriedige ferdieling fan sosjale hierwenningen tusken de gruttere plakken en de doarpen yn Fryslân;</li></ul>	
en gean oer ta de oarder fan de dei	

## MOASJE

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Sijbe Knol GrienLinks, Elsa van der Hoek SP, Peter van Noort Samuel van Swol PvdD, Menno Brouwer PvdA, Anne Zijlstra CDA, Maaïke Prins